


provinsje fryslân
provincie fryslân 

De Fryske Taalatlas 2020

Fryske taal yn byld





Ynhâldsopjefte

1	Utkomsten taalûndersyk 2019	
1.1	Taalûndersyk 2019 beskreaun	7
1.2	Behearskingsnivo Frysk in Fryslân	11
1.3	Behearskingsnivo Frysk yn Fryslân nei âldens	13
1.4	Memmetaal en sprektaal	14
1.5	Untwikkeling taalbehearsking Frysk 1967-2019	15
1.6	Kaart: Frysk as memmetaal ûnder de ynwenners fan Fryske gemeenten	16
1.7	Kaart: Frysk ferstean nei gemeente	17
1.8	Kaart: Frysk prate nei gemeente	18
1.9	Kaart: Frysk lêze nei gemeente	19
1.10	Kaart: Frysk skriuwe nei gemeente	20
1.11	Kaart: Sprektaal Frysk tsjin partner nei gemeente	21
1.12	Kaart: Frysk tsjin bern nei gemeente	22
1.13	Kaart: Sprektaal Frysk bern nei gemeente	23
2	Provinsjekaarten beliedsûntwikkeling op gemeentenivo	
2.1	Kaart: Gemeenten mei in taalbeliedsplan	25
2.2	Kaart: Frysktalige eed/belofte troch gemeenteriedsleden nei gemeente	26
2.3	Kaart: Tal en oandiel Frysktalige en/of twatalige bernsintra de gemeente	27
2.4	Kaart: Tal skoallen yn de gemeente dat it Frysk op foldwaande nivo oanbiedt	28

2.5	Kaart: Gemeenten mei offisjele Frysktalige toponimen	29
2.6	Kaart: Frysktalige plaknammen yn de provinsje Fryslân	30
2.7	Kaart: Gemeenten mei offisjele Frysktalige wetternammen	31
3	Provinsjekaarten Frysk by bedriuwen en ynstellingen	
3.1	Kaart: Yn hoefier't yn bedriuwen/organisaasjes troch kollega's ûnder inoar Frysk praat wurdt	33
3.2	Kaart: Yn hoefier't meiwurkers fan bedriuwen/organisaasjes by kontakten mei klanten/kliïnten mei de Fryske taal yn oanrekking komme	34
3.3	Kaart: Yn hoefier't yn bedriuwen/organisaasjes by ynterne en eksterne oerlizen Frysk praat wurdt	35
3.4	Kaart: Yn hoefier't bedriuwen/organisaasjes it ferstean fan de Fryske taal troch meiwurkers as in pluspunt sjogge	36
3.5	Kaart: Yn hoefier't bedriuwen/organisaasjes it praten fan de Fryske taal troch meiwurkers as in pluspunt sjogge	37

Kolofon

Portfolio Grutsk op Fryslân

Teksten, ûndersyk en analyse: Informaasjefoarsjenning, provinsje Fryslân

Kaarten: Kartografy, provinsje Fryslân

Opmaak: Kommunikaasje en Media, provinsje Fryslân



Ynlieding

De Fryske taalatlas jout in oersjoch fan it behearskingsnivo en it gebrûk fan de Fryske taal troch ynwenners, oerheden, ûnderwiis en bedriuwslibben. De taalatlas 2019 is de fjirde edysje, nei de earder útjeften yn 2007, 2011 en 2015.

De basis fan de atlas is it taalûndersyk fan de provinsje ûnder de ynwenners fan Fryslân dat ien kear yn 'e fjouwer jier dien wurdt. Om in byld te krijen fan de taalsituaasje de gemeente binne yn alle gemeenten aselekt 1.600 húshâldens frege om in koarte fragelist yn te foljen. Fan de 22.400 oanskreaune húshâldens hawwe hast 6.500 Friezen de enkête ynfolle, goed foar in respons fan 29%. Yn alle Fryske gemeenten wie de respons goed 20% en is it easke tal fan 300 respondinten ryklik helle. De fragelist koe skriftlik likegoed as digitaal ynfolle wurde.

By de ferliking fan gemeentlike útkomsten mei de mjitting yn 2015 jildt dat de gemeentlike weryndielings út 2018 en 2019 op de ûndersyksresultaten út 2015 loslitten binne. Dat is dien om ek foar dy gemeenten in ferliking tusken 2019 en 2015 meitsje te kinnen.

Neist de útkomsten út it taalûndersyk jout de atlas inkelde útkomsten út it ûndersyk¹ nei de mearwearde fan it Frysk yn it ekonomysk ferkear. Fisueel wurdt werjûn yn hoefier't it Frysk yn bedriuwen en ynstellings brûkt wurdt

¹ De positie van het Fries in het bedrijfsleven, E&E advies 2020

en oft de behearsking fan it Frysk troch de meiwurkers as in pluspunt sjoen wurdt.

Neist neamde ûndersyksresultaten jout de atlas ynsjoch yn inkelde oare kengetallen, lykas Frysktalige bernesinde en Fryske toponimen.

Mei de taalatlas wurdt de provinsje, gemeenten en oare belanghawwenden ynsjoch yn it brûken en de ûntwikkeling fan de Fryske taal bean. De ynformaasje kin brûkt wurde by it ûntwikkeljen fan taalbelied. Gegevens en kaartmateriaal meie nei eigen ynsjoch brûkt wurde, mits foarsjoen fan de boarnen dy't dêrby oanjûn binne.

Provinsje Fryslân



Lêswizer/ferantwurding

- Troch de útkomsten fan it taalûndersyk te wagen is it foar de skaaimerken âldens en gemeente represintatyf foar Fryslân makke.
- Fanwegen it lytse tal ynwenners en de eigen spesifike taalsituaasje binne de Waadeilannen bûten beskôging litten.
- By it ferlykjen fan gemeentlike útkomsten mei de mjitting yn 2015, jildt dat de gemeentlike weryndielingen út 2018 en 2019 op de ûndersyksresultaten út 2015 loslitten binne. Dat is dien om ek foar dy gemeenten in ferliking tusken 2019 en 2015 meitsje te kinnen.
- By grafiken wurdt in signifikant ta- of ôfnimmen troch de wei it + of – teken werjûn.
- Yn de kaartsjes wurdt in signifikant ta- of ôfnimmen yn in gemeente troch de wei fan in griene (tanimmen) of reade (ôfnimmen) kleur yn it ramtkaartsje werjûn.
- De memmetaal is definiearre as de taal dêr't de respondint mei opgroeid is. Yn de foargeande mjittings koe allinne de haad-memmetaal opjûn wurde. Yn it ûndersyk út 2019 is de mooglikheid jûn meardere memmetalen op te jaan. Ferliking tusken memmetaal mei foargeande mjitmominten is dêrtroch statistysk net mear ferantwurde.
- Foar it brûken fan it Frysk wurdt sjoen nei de taal dy't de respondint meastal praat tsjin syn of har partner, tsjin de bern en bern ûnderling en tsjin de âlden.



Utkomsten taalûndersyk 2019

1.1 ■ Taalûndersyk 2019 beskreaun

Mei in enkête is oan ynwenners fan Fryslân frege yn hoefier't sy de Fryske taal behearskje en brûke. Dêr moat by neamd wurde dat it hjir krekt as yn de foargeande atlussen giet om in foarm fan 'self-report'. Mei oare wurden: respondinten jouwe sels oan hoe't se harren nivo ynskatte. It taalbehearskingsnivo is net hifke.

Behearsking Fryske taal

Krekt as yn de eardere mjitmominten yn 2007, 2011 en 2015 kin ek yn 2019 konkludearre wurde dat hast alle ynwenners fan Fryslân de Fryske taal frij aardich oant hiel goed ferstean kinne (93,1%). Mar in lyts part (6,9%) fan de Friezen jout oan de Fryske taal mei muoite of hielendal net ferstean te kinnen. It oandiel dat oanjout it Frysk goed oant hiel goed ferstean te kinnen (84,1%) is ien prosintpunt sakke, útgeande fan de mjitting yn 2015 (85,1%).

Ek it oandiel Friezen dat oanjout it Frysk goed oant hiel goed prate te kinnen is yn ferliking mei 2015 wat sakke. Yn 2015 joech 66,6% fan de respondinten oan de taal goed oant hiel goed prate te kinnen. Yn 2019 is dat persintaazje wat sakke nei 64,1%. In fearns fan de Friezen hat muoite mei it Frysk praten of praat de taal hielendal net.

Krekt wat mear as de helte fan de ynwenners fan Fryslân kin de Fryske taal goed oant hiel goed lêze. In fearns lêst it Frysk frij aardich en krekt wat minder as in fearns fan de ynwenners hat dêr muoite mei of kin hielendal net Frysk lêze. Yn 2019 is der ek in lytse tanimming te sjen, mar net grut genôch om te sprekken fan in signifikante tanimming útgeande fan 2015. Yn 2007 joech 46,2% oan goed oant hiel goed Frysk lêze te kinnen. Yn 2019 jildt dat foar 52,4% fan de ynwenners.

Mar in lytse groep ynwenners fan Fryslân seit dat se it Frysk goed oant hiel goed skriuwe kinne (15,9%). Yn alle mjittings is it tal ynwenners dat goed Frysk skriuwe kin signifikant tanommen. Yn 2015 wie it persintaazje 14,5% en yn 2007 9,5%. Koartsein: it tal Friezen dat Frysk lêze en skriuwe kin, is yn de ôfrûne tolve jier in bytsje tanommen. It persintaazje ynwenners dat Frysk ferstiet en praat is stabyl bleaun.

Taaloerdracht

Goed de helte (57,3%) fan de Fryske befolking hat it Frysk as (mei) memmetaal. Oars as yn eardere mjittings koene se yn 2019 meardere talen oanjaan. Ien op de tsien respondinten joech oan Frysk likegoed as Nederlânsk as memmetaal te hawwen.

Frege is yn hokker taal meastal tsjin de partner praat wurdt. Fan de respondinten jout 43,1% oan meastal Frysk tsjin syn of har partner te praten. In wat grutter part fan 49,2% praat Nederlânsk tsjin de partner. Yn ferliking mei de mjitting yn 2015 is it persintaazje dat Frysk mei syn of har partner praat sakke fan 45,6% nei 43,1%. Goed seis prosint praat in streektaal tsjin de partner en in lyts part (1,6%) brûkt in bûtenlânske taal as fiertaal. Yn de fiertaal tsjin bern wurdt ek faker it Nederlânsk (49,7%) yn stee fan it Frysk (45,1%) brûkt. Foar de sprektaal tsjin de partner likegoed as foar de sprektaal tsjin de bern jildt dat it brûken fan it Frysk tusken 2007 en 2019 wat minder wurdt.

Oars as yn de eardere mjittings is yn 2019 frege hokker taal bern ûnderinoar meastal brûke, tsjin freontsjes/freondintsjes en tsjin de âlden. Fan de respondinten mei bern joech 38,5% oan dat fan syn of har bern it Frysk meastal de fiertaal is. De mearderheid (57,6%) fan de bern praat meastal Nederlânsk. Mar in lyts part fan de bern (3,8%) praat meastal in streektaal of in bûtenlânske taal. Fan de âlden dy't Frysk tsjin de partner prate, praat 90% (meastal) Frysk tsjin syn of har bern. Dat is in bytsje minder, útgeande fan 2015 (93,1%). By 87,6% fan de húshâldens dêr't beide âlden Frysk as memmetaal hawwe, is Frysk de fiertaal tsjin de bern. Yn it gefal fan in ferskillende memmetaal fan de âlden (Frysk en Nederlânsk) is Nederlânsk (66,9%) faker de fiertaal as it Frysk (30,9%).

Utkomsten nei âldens

Der is net folle ferskil yn it troch de respondinten stelde behearskingsnivo fan it ferstean en praten fan it Frysk. Yn alle âlderdomsskiften jildt dat goed 80% it Frysk goed ferstean kin en tusken de 60 en 67% it Frysk goed prate kin. De lêsfeardigens fan it Frysk wurdt troch âldere respondinten wat faker as goed beoardiele as troch jongere respondinten. Foar wat de skriuwfeardigens oanbelanget jildt dat yn alle âlderdomsskiften likernôch twa tredde net of hast net Frysk skriuwe kin. Utgeande fan 2015 is der yn de âlderdomsskift 18-29 jier gjin sprake fan in signifikant ta- of ôfnimmen yn it behearskingsnivo. By de 30-49 jierigen nimt de behearsking fan it ferstean en praten in bytsje ôf. By 50-64 jierigen en 65-plussers is der gjin sprake fan ferskil yn behearsking, útgeande fan 2015. Aldere Friezen prate relatyf faker Frysk tsjin de partner as jongere Friezen. By de groep jonger as 50 jier is foar likernôch 37% Frysk de sprektal tsjin de partner, njonken 48% by de respondinten âlder as 50 jier.

Utkomsten nei gemeente

Troch de gemeentlike weryndielingen sûnt 2007 hawwe de regionale útkomsten oan ferskaat ynlevere. It behearskingsnivo fan de Fryske taal ferskilt nei gemeente noch wol sterk.

Ranglist Fryske gemeenten persintaazje behearsking Fryske taal


- 1 Dantumadiel
- 2 Tytsjerksteradiel
- 3 Achtkarspelen
- 4 Noardeast-Fryslân
- 5 Opsterlân
- 6 Waadhoeke
- 7 De Fryske Marren
- 8 Súdwest-Fryslân
- 9 Smellingerlân
- 10 It Hearrenfean
- 11 Ljouwert
- 12 Eaststellingwerf
- 13 Harns
- 14 Weststellingwerf

Op basis fan it oandiel ynwenners dat oanjout it Frysk goed of hiel goed ferstean, prate, lêze en skriuwe te kinnen is boppesteande ranglist opsteld. Yn de gemeenten Dantumadiel, Tytsjerksteradiel en Achtkarspelen leit it persintaazje ynwenners dat de Fryske taal behearsket it heechst. Oer it generaal kin men sizze dat de behearsking fan it Frysk yn de regio Noardeast Fryslân it heechst is. Yn de Stellingwerven, gemeente Harns en gemeente Ljouwert leit it oandiel ynwenners dat de Fryske taal behearsket it leechst. Yn de top 5 gemeenten ferstiet goed 90% fan de ynwenners it Frysk en praat 77-90% Frysk. Utgeande fan de mjitting yn 2015 binne der op gemeentenivo net folle signifikante ferskillen yn it behearskingsnivo. By de ferskillen dy't waar te nimmen binne, giet it om lytse ferskowings. Wat de fersteanberheid oanbelanget is der yn Ljouwert en Súdwest-Fryslân in lytse ferheging en yn Smellingerlân in lytse fermindering waar te nimmen. It persintaazje dat oanjout it dat se goed Frysk prate kinne, is allinne yn De Fryske Marren licht tanommen. De lêsfeardigens is yn Achtkarspelen, Ljouwert en Súdwest-Fryslân wat tanommen en yn Smellingerlân licht ôfnommen. It oandiel ynwenners dat oanjout dat se Frysk skriuwe kinne is yn de gemeenten Dantumadiel, it Hearrenfean, Súdwest-Fryslân, Tytsjerksteradiel en Waadhoeke licht tanommen. By boppesteande ferliking is de gemeentlike weryndieling út 2015 yn de ûndersyksresultaten


trochfierd. Mei oare wurden: de weryndieling is net fan ynfloed op de resultaten.

Ek yn it brûken fan de Fryske taal binne de gemeentlike ferskillen grut. Sa is de sprektaal tsjin de partner by acht op de tsien ynwenners fan Dantumadiel en by sân op de tsien ynwenners fan Achtkarspelen Frysk, wylst yn Harns en Weststellingwerf dat persintaazje om de 10% leit. Krekt as tusken 2011 en 2015 is it brûken fan it Frysk yn de gemeente Ljouwert wat tanommen. Ek yn de gemeente Waadhoeke is it gebrûk wat tanommen.


1.2 ■ Behearskingsnivo Frysk yn Fryslân (%)





Kinne Frysk prate (%)




Kinne Frysk lêze (%)



Kinne Frysk skriuwe (%)




1.3 ■ Behearskingsnivo Frysk yn Fryslân (%) nei âldens




1.4 ■ Memmetaal en sprektaal


Wat is jo memmetaal (meardere antw. mooglik)?




Hokker taal prate jo (meastal) mei jo partner?






Hokker taal prate jo (meastal) mei jo bern?



Hokker taal praat/prate jo bern meastal mei jo, ûnderling en mei oare bern?




1.5 ■ Ontwikkeling taalbehearsking Frysk 1967-2019 (%)




Buorren:

- D. Gorter, G.H. Jelsma, P.H. van der Plank en K. de Vos, *Taal in Fryslân - ûndersyk nei taalgedrach en taalhâlding yn Fryslân*, Ljouwert, 1984
- D. Gorter, R.J. Jonkman, *Taal yn Fryslân op 'e nij besjoen*, Ljouwert, 1995
- provincie Fryslân, *rapportage quick scan Friese taal*, Leeuwarden, 2007, 2011, 2015




1.6 Frysk as memmetaal ûnder de ynwenners fan Fryske gemeenten (%)




De memmetaal is as neikommend definiearre: de taal dêr't de respondint yn grutbrocht is. Boppesteande provinsjekaart omfiemet nei gemeente it persintaazje respondinten dat oanjûn hat it Frysk (mei) as memmetaal te hawwen.

Frysk as memmetaal yn %




Boarne: Provinsje Fryslân, Taalûndersyk 2019

1.7 Frysk ferstean nei gemeente (%)




Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat nei eigen sizzen de Fryske taal **goed** of **tige goed** ferstean kin.




groei of tebekgong neffens 2015


Frysk ferstean yn %



1.8 Frysk prate nei gemeente (%)




Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat nei eigen sizzen de Fryske taal **goed** of **tige goed** prate kin.




groei of tebegong neffens 2015

Frysk prate yn %




Boarne: Provinsje Fryslân, Taalûndersyk 2019

1.9 Frysk lêze nei gemeente (%)




Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat nei eigen sizzen de Fryske taal **goed** of **tige goed** lêze kin.




groei of tebekgong neffens 2015


Frysk lêze yn %



1.10 Frysk skriuwe nei gemeente (%)




Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat nei eigen sizzen de Fryske taal **goed of tige goed** skriuwe kin.




groei of tebegong neffens 2015

Frysk skriuwe yn %




Boarne: Provinsje Fryslân, Taalûndersyk 2019

1.11 Sprektaal Frysk tsjin partner nei gemeente (%)




Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat nei eigen sizzen meastentiids Frysk tsjin de partner praat.




groei of tebekgong neffens 2015


sprektaal Frysk tsjin partner yn %



1.12 Sprektaal Frysk tsjin bern nei gemeente (%)




Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat nei eigen sizzen meastenstiids Frysk tsjin de eigen bern praat.




groei of tebekgong neffens 2015

sprektaal Frysk tsjin bern yn %




Boarne: Provinsje Fryslân, Taalûndersyk 2019

1.13 Sprektaal Frysk bern nei gemeente (%)



Op boppesteande kaart stiet nei gemeente it persintaazje respondinten dat oanjûn hat dat de eigen bern meastentiids Frysk prate.

sprektaal Frysk bern yn %







Provinsjekaarten Beliedsûntwikkeling op gemeentenivo

It Frysk is net allinne in taal dy't yn it kontakt mei famylje en freonen brûkt wurdt, mar ek yn it ûnderwiis en by it oerheidsbelied. Alle gemeenten hawwe sûnt de Wet gebrûk Fryske taal in taalbeliedsplan en in taalferoarding opsteld. Dêrneist is te sjen dat by de gemeenteriedsferkiezings yn 2018 in soad gemeenteriedsleden fan it rjocht om de eed/belofte yn it Frysk ôf te lizzen gebrûk makke hawwe. It tal Frysktalige of twatalige bernesintra yn Fryslân is, útgeande fan 2015, mei 34% tanommen.

2.1 Gemeenten mei in taalbeliedsplan




Gemeenten mei in fêststeld taalbeliedsplan, lykas easke yn de Wet gebrûk Fryske taal. De gemeenten Weststellingwerf en de Waadeilannen falle net ûnder dizze wet.


 gemeenten mei in taalbeliedsplan

Boarne: Fryske gemeenten

2.2 Frysktalige eed/belofte troch gemeenteriedsleden nei gemeente (%)




Boppesteande kaart jout it trochsnee persintaazje wer fan it tal gemeenteriedsleden dat yn 2019 de Frysktalige eed/belofte ôflein hat.




Boarne: Fryske gemeenten

2.3 Tal en oandiel Frysktalige en/of twatalige bernesintra de gemeente



Boppesteande kaart jout it tal Frysktalige en/of twatalige berneideiferbliuwen en pjutteboarters-plakken yn Fryslân wer. It tal lokaasjes wurdt tusken heakjes werjûn en it oandiel Frysktalige/twatalige op it totaal wurdt troch de wei fan de leginda werjûn.


persintaazje Frysktalige en/of twatalige bernesintra de gemeente



(13) tal Frysktalige/twatalige bernesintra de gemeente


Boarne: Sintrum Frysktalige Berne-opfang

2.4 Tal skoallen yn de gemeente dat it Frysk op foldwaande nivo oanbiedt




Yn de jierren 2016 en 2017 is mei it projekt Taalplan Frysk in ynventarisearring makke fan de ynfolling fan it fak Frysk op alle skoallen yn Fryslân (primêr en fuortset ûnderwiis). Der is yn kaart brocht hokker keardoelen de skoallen oanbiede foar it fak Frysk. Dat is fêstlein yn in Taalplan Frysk. Op grûn dêrfan is der troch Deputearre Steaten in Taalplan Frysk-profiyl oan de skoalle takend. Skoallen dy't in A-profiyl krigen hawwe fan Deputearre Steaten, biede it Frysk neffens de keardoelen op foldwaande nivo oan. Yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (2019-2023) hat de provinsje Fryslân yn 'e mande mei it Ryk de ambysje fêstlein dat alle skoallen yn Fryslân yn 2030 de keardoelen Frysk op foldwaande nivo oanbiede (dat strykt mei profyl A).

Persintaazje skoallen mei in A-profiyl



Boarne: Provinsje Fryslân

2.5 Gemeenten mei offisjele Frysktalige toponimen




Boppesteande kaart jout in oersjoch fan de gemeenten mei offisjele Frysktalige toponimen. Dit betsjut dat de gemeente offisjeel keazen hat foar it brûken fan de Frysktalige plaknammen of gemeentenamme.

- gemeente mei Frysktalige toponimen
- gemeente mei Frysktalige en Nederlânsktalige toponimen
- gemeente mei Nederlânsktalige toponimen

Boarne: Provinsje Fryslân

2.6 Frysktalige plaknammen yn de provinsje Fryslân



Boppesteande kaart lit de sprieding fan Frysktalige en Nederlânsktalige plaknammen yn de provinsje sjen.


Guon plaknammen binne fan âlds Frysktalich en hawwe gjin Nederlânsktalige fariant.

Dy plaknammen binne op de kaart oantsjut as Frysktalich.

- Frysktalige plaknammen
- Nederlânsktalige plaknammen

Boarne: Provinsje Fryslân

2.7 Gemeenten mei offisjele Frysktalige wetternammen



Op 15 maart 2006 hawwe Provinsjale Steaten de wetternammen yn Fryslân offisjeel fêststeld. De measte gemeenten hawwe keazen foar Fryske wetternammen. Harns en de Waadeilannen hawwe gebrûk makke fan de mooglikheid om de wetternammen yn it Nederlânsk fêst te stellen. De gemeenten Waadhoeke, East- en Weststellingwerf hawwe wetternammen yn harren streektaal en yn it Frysk.

- gemeenten mei Frysktalige wetternammen
- gemeenten mei Nederlânsktalige wetternammen
- gemeenten mei Fryske wetternammen en wetternammen yn de streektaal

Boarne: Provinsje Fryslân

3




Provinsjekaarten Frysk by bedriuwen en ynstellingen

Yn 2019 is der op fersyk fan de provinsje ûndersyk dien nei de mearwearde fan it Frysk yn it ekonomysk ferkear. Inkelde útkomsten út de byhearrende fragelist dy't oan bedriuwen en ynstellingen foarlein is, binne troch de wei fan kaartbylden yn dizze atlas meinommen.


Yn it ûndersyksrapport wurdt konkludearre: yn de posysje fan de Fryske taal yn it ekonomysk ferkear sjogge wy grutte ferskillen tusken de regio's. Yn it noardeastlike part fan de provinsje spilet it Frysk in wichtiger rol as yn de súdlike regio en op de eilannen. Dat byld slút perfekt oan by de maatskiplike posysje dy't de taal yn de ûnderskate regio's yn Fryslân hat. De regio's dêr't it Frysk yn it bedriuwslibben mear brûkt wurdt, binne ek de regio's dêr't bygelyks relatyf in soad ynwenners yn it Frysk grutbrocht wurde.

3.1 Yn hoefier't yn bedriuwen/organisaasjes troch kollega's ûnder inoar Frysk praat wurdt




Persintaazje bedriuwen de gemeente dat oanjout dat wurknimmers ûnderling faak oant hiel faak Frysk prate.

3.2 Yn hoefier't meiwurkers fan bedriuwen/organisaasjes by kontakten mei klanten/kliïnten mei de Fryske taal yn oanrekking komme




Persintaazje bedriuwen de gemeente dat oanjout yn kontakt mei klanten it Frysk faak oant hiel faak te brûken.




Boarne: PWR Fryslân 2019, bewurke troch E&E advys

3.3 Yn hoefier't yn bedriuwen/organisaasjes by ynterne en eksterne oerlizzen Frysk praat wurdt




Persintaazje bedriuwen de gemeente dat oanjout yn ynterne en eksterne oerlizzen it Frysk faak oant hiel faak te brûken.




Boarne: PWR Fryslân 2019, bewurke troch E&E advys

3.4 Yn hoefier't bedriuwen/organisaasjes it ferstean fan de Fryske taal troch meiwurkers as in pluspunt sjogge




Persintaazje bedriuwen de gemeente dat oanjout it ferstean fan it Frysk troch meiwurkers as in pree te sjen.




Boarne: PWR Fryslân 2019, bewurke troch E&E advys

3.5 Yn hoefier't bedriuwen/organisaasjes it praten fan de Fryske taal troch meiwurkers as in pluspunt sjogge



Persintaazje bedriuwen de gemeente dat oanjout it praten fan it Frysk troch meiwurkers as in pree te sjen.



Boarne: PWR Fryslân 2019, bewurke troch E&E advys

